FY / OER SYB

It hûs is net ien

4th Triënnale fan Beetstersweach
28 septimber - 3 novimber 2024
Fernissage: 28 septimber 2024, 15.00 - 19.00
Iepeningstiden: freed, sneon, snein 13:00 - 18:00 oere

Keunsthûs SYB
Haadstrjitte 70
9244 CP Beetstersweach

communicatie@kunsthuissyb.nl
+31 (0) 648618238
www.triënnalevanbeetsterzwaag.frl
www.kunsthuissyb.nl
@kunsthuissyb

Keunsthûs SYB is yn 2000 ûntstien út de neilittenskip fan Sybren Hellinga yn Beetstersweach, mei it doel om gâns ûnthjittende keunstners yn kontakt te bringen mei publyk en de omkriten. It rike kultuerlânskip en Fryslâns ûnderbeljochte skiednissen binne dan ek faak de ynspiraasjeboarnen foar projekten dy't mei de bewenners ûntwikkele wurde.

Tsjintwurdich is Keunsthûs SYB in keunstromte mei workshops, publike presintaasjes, ûndersyksresidinsjes en tentoanstellingen. Teffens organisearret SYB in trijejierlikse keunstpriis en in triënnale, dêr't lokale en (ynter)nasjonale keunstners oan meidogge.

De unike lokaasje yn in doarp yn in twatalige rurale regio biedt in plak foar alternative refleksje. SYB befoarderet in unyk en fruchtber klimaat foar hjoeddeiske keunst binnen it ynternasjonale discours, wylst it nau ferbûn is mei in lokaal net-keunstpublyk.

Keunsthûs SYB is sintraal fêstige yn in monumintaal perseel oan de haadstrjitte fan it doarp Beetstersweach. De ûnderste ferdjipping is om samar te sizzen de publike interface fan de organisaasje en biedt ûnderdak oan artistike presintaasjes. De earste en twadde ferdjipping herbergje in keuken, kantoarromte en in appartemint foar keunstners dy't ûndersyk dogge troch de wei fan residinsjes. Dy húslike sfear bliuwt oanwêzich yn de wurkmetodyk.